

**“DOARPSGENOAT OP DRIFT!”**

# DOARPSNIJS

Nûmer 492

febrewaris 2025

## KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

### De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Hurddraversdyk 95	De Jouwer korrespondint om útiens 06 41696781
Rianne Witteveen	Wytlandsdykje 10	yllustrator
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	yn elkoarsetter

E-mailadres: [redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)

Website: [www.nijemardum.nl](http://www.nijemardum.nl)



### It bestjoer fan Doarpsbelang:

Paul Rienstra (voorz)	Lyklamawei 39	571652
Jellie Zijlstra (secr)	Lyklamawei 4	0654612587
<a href="mailto:Dorpsbelagnijemirdum@gmail.com">Dorpsbelagnijemirdum@gmail.com</a>		
Tom Wezepoel	Lyklamawei 55	0620275676
(penningmeester, bankrek. NL30RABO0305244159)		
Jelle Siemonsma	Nij-Amerika 16	
Thys Laffra	Omrin 4	571551
Mieke Koot	Lyklamawei 36	0654238830

E-mailadres buertplysje: [patrick.bottinga@politie.nl](mailto:patrick.bottinga@politie.nl) of [www.politie.nl](http://www.politie.nl)

Wykbehearder gemeente: [r.zijlstra@defryskemarren.nl](mailto:r.zijlstra@defryskemarren.nl), 0620548535 of [www.defryskemarren.nl/melding](http://www.defryskemarren.nl/melding)

## STOARN

Op 27 jannewaris is Rina de Lange-Verbaan stoarn, sy is 82 jier wurden.

## NIJE YNWENNERS



Op Heaburgen 18 binne komd te wenjen:  
Gabi Jonker en Remco Visser.

## SNACKAVOND

Op de laatste vrijdagen van de maand is het Doarpshús vanaf 17.00 uur weer open voor het bestellen en/of afhalen van diverse snacks. tel. 0514-571428

Vrijdag 28 februari

Vrijdag 28 maart

Vrijdag 25 april



## STAMPPOTBUFFET

Heeft u zich nog steeds niet opgegeven voor het stampotbuffet van 14 maart a.s. in het dorps huis?

Wordt nu toch echt wel tijd hoor. **Het kan nog tot 1 maart a.s.**

Nog even voor de volledigheid, het programma ziet er als volgt uit:

17.00 – 17.30 uur Inloop.

17.30 – 18.00 opening en kleine interactie.

18.00 – 19.00 Stampot buffet.

19.00 – 19.30 Nazit.

Wat zijn de kosten en mogelijkheden:

Kinderen t/m de basisschool betalen € 5,00

Voor hen is er als alternatief eventueel patat met snack

(Frikandel of hamburger of kaassoufflé).

Alle anderen betalen € 7,50 en voor hen is er stampot boerenkool, stampot zuurkool en hutspot.



Opgeven kan nog steeds via de QR-code hiernaast,

Of via de link: <https://nijemirdum.nl/stampot-buffet/>

Of via E-mail ; [buffet@nijemirdum.nl](mailto:buffet@nijemirdum.nl)

Hierbij vermelden naam

Aantal personen patat + snack

Aantal personen stampot

**Opgave tot uiterlijk 1 maart a.s.**

Graag tot ziens op 14 maart a.s.

*Dorpsbelang Nijemirdum*

# LOKAALVERENIGING NIJEMIRDUM

**Uitnodiging voor het bijwonen van de jaarlijkse ledenvergadering van de Lokaalvereniging op woensdag 26 maart 2025 om 20:00 in het dorps huis van Nijemirdum**

## AGENDA

1. Opening en vaststellen agenda
2. Notulen ledenvergadering van 28 februari 2024
3. Ingekomen stukken en mededelingen
4. Jaarverslag Secretaris

PAUZE

5. Financieel verslag Penningmeester
6. Vaststellen jaarlijkse contributie (voorstel bestuur: blijft € 11,00)
7. Dorpshuis (wat ons bezig houdt)
8. Bestuursverkiezing

Aftredend en herkiesbaar:

Penningmeester: Frans Pieter Deinum

Overige kandidaten kunnen zich aanmelden of worden voorgedragen tot voor aanvang van de vergadering.

9. Rondvraag
10. Sluiting

*De Lokaalvereniging*

## UITNODIGING

Via deze weg willen wij u allen van harte uitnodigen voor het bijwonen van onze jaarlijkse algemene ledenvergadering, op **26 maart om 20:00** uur in het Dorpshuis.

Om papier te besparen plaatsen wij de notulen van 2024 en de agenda in dit krantje erbij. Neemt u dan dit krantje mee, zodat wij niet onnodig papier en inkt verspillen.

Het jaarverslag van 2024 zal worden voorgelezen door onze secretaris. Tot dan.

*De Lokaal Vereniging*

## NOTULEN VAN DE LEDENVERGADERING GEHOUDEN OP 28 FEBRUARI 2024 IN HET DORPSHUIS

Aanwezig: 14 leden en het voltallige bestuur

### 1-Opening en vaststellen agenda

Wiebren Hoekstra opent op 20:00 uur de vergadering en heet eenieder welkom.

### 2-Notulen ledenvergadering 22 maart 2023

De notulen worden niet voorgelezen maar zijn geplaatst in het dorpskrantje van februari 2024. Er waren een paar kleine aanpassingen nodig en daarna werden zij goedgekeurd en werd de secretaris bedankt.

### 3-Ingekomen stukken en mededelingen

Er waren deze keer speciale ingekomen stukken, er zijn 4 fotopanelen aangeschaft van 2x4 meter met 4 verschillende zwart wit foto's van de omgeving van Nijemirdum. Zij werden naar binnen gereden vanuit de kleine bar om zo deze te tonen aan de leden.

Deze schermen zullen gebruikt worden om de zaal in 2 te kunnen delen zodat er wat meer gezelligheid ontstaat en je niet de hele zaal hoeft te gebruiken. Het werd door de leden met een applaus ontvangen.

Ook is er 5 maart een brainstorm bijeenkomst in Wijckel en daar zullen Hendrik-Jan Postma en Wiebren Hoekstra aanwezig zijn. Zij zullen daar samen met andere dorpshuis besturen gaan praten of hoe en wat er zoal gedaan kan worden om de dorpshuizen hun bestaan te behouden.

#### **4-Jaarverslag secretaris**

Het jaarverslag van 2023 wordt voorgelezen door de secretaris en roepen verder geen vragen op. Aansluitend na het voorlezen van het jaarverslag volgde de pauze met een kop koffie en een gevulde koek.

#### **5-Financieel verslag penningmeester**

De accountant heeft de boekhouding gekeurd en stelt voor het bestuur decharge te verlenen voor het gevoerde beheer over 2023.

Douwe Prins neemt ons mee door alle onderdelen van het verslag, en roept verder geen vragen op.

Douwe en Lytse Piet worden bedankt met applaus en Piet krijgt een attentie en bloemen als bedankje voor zijn bijdrage in de boekhouding.

#### **6-Vaststellen jaarlijkse contributie**

Het bestuur stelt voor om de jaarlijkse contributie niet te verhogen en blijft voor komend jaar op € 11,00 staan.

Volgend jaar zullen we weer kijken hoe dan de prijzen weer van onze vaste lasten zijn.

#### **7-Dorpshuis**

Voor de verzekering hebben we Scope 10 voor de Electra bijna gereed, zo is de meterkast vervangen, en zijn er 11 rookmelders geplaatst. Voor Scope 12 die voor de zonnepanelen geldt moet nog het een en ander geregeld worden, leg plan en technische gegevens zijn daarvoor nodig van de installateur, deze persoon is helaas nogal laks in zijn werk en laat ons steeds maar wachten en zegt het komt wel goed. Nu maar een mail gaan sturen met de mededeling dat straks de kosten voor hem zijn als er iets misgaat.

Piet Johan heeft vele uren door gebracht om Scope 10 & 12 voor elkaar te krijgen waarvoor natuurlijk onze dank.

Verduurzamen van het dorps huis is nogal een geregel, om subsidie te krijgen moet je wel aan een aantal voorwaarden voldoen, deze voorwaarden waren voor de tweede tender niet gereed en nu is het wachten tot er een derde komt en zullen we ons best doen om dan aan de voorwaarden voldoen.

Ook zijn er gedachten gewisseld om het dorps huis een opfrissing te geven in de vorm van een ander kleurtje, de bar uit te breiden en de trap naar boven te verplaatsten zodat we de boven verdieping ook makkelijker kunnen bereiken en die wat vaker kunnen gebruiken. De trap nu is te smal en te steil, zeker voor de wat oudere onder ons.

### **8-Bestuursverkiezing**

Aftredend en herkiesbaar is Douwe Prins, hij zal de komende 6 jaar de functie van penningmeester blijven voortzetten, onze dank daarvoor is zeer groot.

Ook worden Tiny en Lourens Wildschut weer bedankt voor hun bijdrage aan het dorps huis en krijgen een bos bloemen uitgereikt namens ons allen.

### **9-Rondvraag**

Sjoukje Kramer zegt dat de laadpaal op de grond staat van de kerk.

Ons antwoord is dat we dat weten en dat in overleg met de kerk deze daar is geplaatst, het leverde geen problemen op.

Ook zegt Sjoukje dat de laptop achter de bar heel vervelend is, omdat de ruimte daar te klein is, dit zullen we voorlopig oplossen door er een langere kabel aan te doen zodat je vanaf de andere kant de laptop kan bedienen, deze wordt gebruikt voor de muziek.

### **10-Sluiting**

Wiebren bedankt iedereen voor zijn aanwezigheid en het meedenken, om 21:15 sluit hij de vergadering en biedt namens het bestuur allen nog een drankje aan.

*Notulist Yvonne de Ruiter Maijer*



**TOANIELKLUB NIJEMARDUM**  
**spilet**

**It Lêste Rûntsje**

Drama Ienakter fan Dick van  
der Plas



EN

**Meine as**  
**Hypnotiseur**



Kluchtige Ienakter fan H.E.  
Castelein en A.A. Jaarsma

op

**sneon 29 maart om 20.00 oere**  
**Doarpshûs Nijemardum**

**Tagong: € 7,50**  
**bern fan'e basisskoalle fergees**

## DE TOANIELKLUB BESTIET 40 JIER!

De kûlissen steane op it poadium.

De tekst sit der aardich yn.

No komt it op it spyljen oan.

Yn de earste ienakter spylje 3 minsken.

Tiny [spile troch Wiepkje] runt in doarpskafée , mar belibbet swiere tiden.

Wytse [spile troch Jan van der Tol], is klusjesman en wennet syn hiele libben ek al yn dat doarp.

Emma [spile troch Grietsje Gijzen] hat by Wytse yn de klasse sitten, mar is al jong in karriêre begûn as filmstjêr yn Amearika.

Fierder gean ik net.. jimme moatte gewoan komme .

Yn de oare ienakter spylje 6 persoanen.

Meine Monsma spile troch Bennie Rienstra, wennet mei syn syklike frou Finne[Coby Hospes] en skoanmem frou Stuivewolt [Jantsje Akkerman] yn ien hûs, mar hat net safolle yn te bringen.

De froulju ha de broek oan. Dokter Schotanus [Sander Mollema] wurdt te pas en te ûnpas roppen om de kwalen fan Finne te ferlichtsjen. As Loratti spile troch Tryntsje Rienstra op in dei it hûs binnen stapt en efkes letter ek Arabella[Annelien Postma] feroaret der al wat yn huize Monsma.

Fansels wurdt op **29 maart** de jûn iepene mei de betinking fan it jubileum (yn fûgelflecht).

Dus ik soe sizze: eltsenien dy't toanielspile hat, komme hear!

Want ik tink dat jimme fan wat der sein wurdt, hiel wat weromkenne sille.

Wy ha der yn elts gefal sin oan.

## WA BIN IK?

Al hat de tsjerkegong yn Nijemardum it soms wat dreech, oan de bibelkennis fan de

Nijemardumers sil it net lizze!

Dat it om **Daniël de Jong** gie (fan kapper Trientsje) wie gau dúdlik.

En dat sit sa : Daniël is in bibelboek út it âlde testamint.

It boek beskriuwt it libben en de dreamen fan de judeeske hovelings Daniël .

Ik tink dat it ferhaal fan Daniël yn de

liuwekûle wol ien fan de ferneamdste is.

De Jong is jeugdich en sa binne wy wer te plak, krekt as de droege woarst dy't diskear nei Itty Rienstra giet !

It folgjende riedsel is troch Wiepje betocht en de rest fan de redaksje hat der wakker mei om pankoekbakt ...dus dreech genôch!

**“Ik ha myn eigen bibelboek”**

**sei de dream-útlizzer**

**“dochs fiel ik my o sa**

**jeugdich”.**

**In  
moaie  
blom  
út  
Dútslân.**

Wa is dit ?

Mail jimme oplossing nei :

[Redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:Redaksje.doarpsnijs@gmail.com)

Of belje nei nr. 571889

Jantsje

Dit jaar met het thema  
Hollandse Glorie! We  
hopen jullie allen te  
zien 12 april in jullie  
mooiste Hollandse  
outfit.

# PUB QUIZ

**12**  
APRIL  
**2025**

Inloop 19:30

Start 20:00

Teams van maximaal 6  
personen. Entree 2,50  
p.p. Opgave niet nodig.



## BESTE DORPSGENOTEN

Om ook dit jaar weer geweldige evenementen en een onvergetelijk dorpsfeest te organiseren, doet de Feestcommissie een beroep op uw steun. Op woensdag 14 mei en donderdag 22 mei komen vrijwilligers langs om de vrijwillige bijdrage op te halen.

De opbrengst van deze bijdrage wordt volledig besteed aan het organiseren van het jaarlijkse dorpsfeest en andere festiviteiten die ons dorp verbinden en tot leven brengen. Denk aan gezellige avonden, activiteiten voor jong en oud, en nog veel meer!

Alvast ontzettend bedankt voor uw steun en bijdrage. Samen maken we er een fantastisch feestjaar van!



*Met vriendelijke groet, de Feestcommissie*

## EXPOSITIE WATERSNOOD 1825

Onlangs kregen we bij de ingezonden stukken iets van de watersnoodramp van 1825 voorbij. Of we een mini expositie over deze “vergeten watersnoodramp” wilden organiseren. Super eenvoudig en interessant genoeg om iets mee te doen, zo vonden we.

En zo stonden we zondag 2 februari jl. om 13.00 uur bij de toren met een pan met warme chocolademelk en een grote schaal met spekjes.

Prachtig weer, maar geen idee hoeveel en of er überhaupt wel iemand langs zou komen.

2 Uur later konden we deze korte mini expositie afsluiten en constateren dat er 66 bezoekers zijn geweest.

Ach, vaak is het gewoon zo leuk om bestuurswerk te doen als je bedenkt met hoe weinig middelen je in korte tijd zoveel mensen op de been kunt krijgen.



*Dorpsbelang Nijemirdum*

## SLIMSTE DORP VAN GAASTERLÂN-SLEAT

Zelfs met 3 mensen van Nij Amerika in de gelederen (Joukje Hak, Caspar Calis en Jelle Siemonsma) konden we het niet eens worden of Nij Amerika een buurtschap is. Femmy Hoekstra wist het nog zo zeker dat het wel zo is en ze had gelijk. Wel mooi een punt kwijt en later zou blijken dat de punten hard nodig waren. En zo ging het op 21 februari jl., de avond van de finale van het slimste dorp voortdurend.

Helaas moest (Gr)Piet Rienstra wegens griep afzeggen.

Broer Paul maakte als reserve het team echter weer compleet. Met een mix van jong, wat ouder en oud dachten we een betere kans te maken dan vorig jaar toen we helaas laatste werden. Deze aanpak pakte goed uit want met één punt verschil met Balk pakten we de titel op 21 februari jl. We mogen ons een jaar lang het slimste dorp van Gaasterlân-Sleat noemen en dat straalt natuurlijk een beetje op het hele dorp af.



De gewonnen trofee.

*Dorpsbelang Nijemirdum*

## IT HIMD FAN IT GAT

As ik oer de Lyklamawei rjochting Aldemardum fyts, tink ik by it hûs neist ús Doarpshûs noch wolris oan Thomas en Tryntsje Runia en harren húshâlding. Sy ha jierrenlang op nûmer 3 wenne en wurke. Harren jonges ha de saak op in oar plak trochsetten en doe't Thomas ferhuze kaam it hûs leech te stean.



Dat duorre wol in skoftke, mar gelokkich seach in jongeman út

Aldemardum wol kâns om dêr in bedriuw

te begjinnen. Der waard hiel wat oanpakt. Yn it hûs en op it hiem. Ik sjoch gauris auto's stean yn bysûnder flitsende kleuren en in grut boerd ferriedt dat it bedriuw Schilstra wat mei Informatie Technologie te meitsjen hat. Op in dei weagje ik mei goede moed de stap om te freegjen nei de mooglikheden foar in petear yn ús doarpsnijs. Der sit gjin gewoane belle mear by de foardoar fan it bedriuw, mar ien mei in skermke. Ik druk derop en hear in stim, mar ik sjoch gjin mins. Dus praat ik mar tsjin de belle en krij ik troch dat ik de oare deis al komme mei foar in ynterview. Dat liket goed! Op in freedtemiddei kom ik yn 'e kunde mei Jens Schilstra. Hy hiet my hertlik wolkom en wy jouwe ús del yn syn kantoar, dat foar in part yn 'e boustegers stien hat. In âlde muorre is delhelle en ferfongen troch in glêzen wand. It plafond moat noch ôfmakke wurde. Yn it wenhûs, dat wol sa'n dikke 60 jier âld is, hat Jens mei oaren al hiel wat oan it klussen west. Hy hat murken dat it opknappen fan âlde huzen meastal net tafalt. Der moat noch hiel wat barre ear't him nei't sin is. Wy drinke in lekker bakje kofje en Jens begjint te fertellen oer syn libben.

### **Wannear en wêr bisto berne?**

Op 23 augustus 1996 yn it sikehûs fan Snits, mar ús heit en mem en myn broer wennen yn Aldemardum.

### **Watfoar oplieding hasto dien?**

Earst nei de basisskoalle De Wâlikker yn Aldemardum. Doe nei it VMBO yn Balk. Dêr ha ik ien jier hinne west en dêrnei noch trije jier nei it AOC yn Snits. Dêr krije

learlingen benammen les û.o. oer natoer, klimaat en feehâlderij. It hjit no Aeres. Letter ha ik noch 4 jier M.B.O. Elektro Technyk folge by de Friese Poort.

### **Dat wie wer hiel wat oars.**

Ja, dat heart wol wat by my, leau ik. Op in breed flak kennis opdwaan ferrommet it sicht. As jonge wurke ik al by de C 1000. Lekker jild fertsjinje , mar ik woe doe al hiel graach sels in bedriuw oprjochtsje.

### **Do hast ûndernimmersbloed yn 'e ieren fiel ik wol, mar slagge dat?**

Nei myn oplieding bin ik as monteur oan it wurk gien by Kooi Camerabeveiliging yn Drachten. Yn dizze tiid ha in soad bedriuwen en ek partikulieren tydlike befeiliging nedich. Wy krigen gauris wurk yn it bûtenlân en sadwaande koe ik op ferskate nivo's in soad ûnderfining opdwaan.

Yn july '23 bin ik foar mysels begûn.

### **Watfoar wurk dochsto no?**

Einliks trije dingen: As jo kompjûter net goed mear wurket, kin ik him foar jo neisjen. Dat slagget meastal wol, mar ik ferkeapje ek nije kompjûters. Dêrby fernim ik earst wêr't de klant ferlet fan hat en lis ik út wat de mooglikheden binne. Fierder leverje ik fêste kamerabeveiligingen en alarmsystemen op maat en ik ha ek noch in webwinkel yn auto-ûnderdielen foar bysûndere auto's: Performance 24.

### **Dat is nochal wat...**



Ik begryp dasto my helpe kinst as ús kompjûter it net mear docht. Dy kamerabeveiliging nimt ek in grutte flecht by bedriuwen ensa? Dan pakt Jens syn "tillefoan" en toant my bylden fan de kamera op syn hiem... "Jo ha my juster net sjoen, mar ik jo wol, sjoch

mar...": Oeh heden, no sjoch ik mysels hjir it hiem opfytsen. (Op 'e tillefyzje sjogge wy gauris sokke bylden fan "fertochten" by in oerfal of in eksploazje! Ik hie gelokkich gjin bivakmûtse op) .... belje oan, .... en fyts wer fuort.

### **Mar wat moat ik my foarstelle by de ûnderdielen foar bysûndere auto's?**

Dat hat te dwaan mei auto's dy't drifte of op in sirkwy ride.



## **Drifte?**

Drifte is in autotechnyk wêrby 't je hiel hurd ride en net rjochtút stjoere, mar skeef. Omdat je sa hurd ride , kin je wol op 'e baan bliuwe, mar dat komt trochdat je de achterwielen goed bestjoere. Meastal docht men dat op wiete sirkwys, mar it kin ek op in droege baan. Dat dogge se op banen yn Dútslân. Dan is it noch dreger om de auto te bestjoeren.



## **Dat sil wol mâl gean.. it griist my oan. Hasto ek hobby's?**

Myn wurk en dat driften is myn grutte hobby. Ik ha sels sa'n spesjale auto en sykje graach út mei hokker materiaal ik noch better ride kin.

## **Sjochto ek nei de tillefyzje?**

Ik ha noch wol ien yn 'e keamer stean mar dy brûk ik hast noait. Ik folgje it nijs en de praatprogramma's net.

## **Hokke muzyk fynst moai?**

Ik lústerje wol nei Mod Country en Tech House. (boem-boem)

## **Komst noch oan lêzen ta?**

Allinnich fakblêden.

## **Hâldsto fan itensieden?**

It is gjin hobby, mar hjir komme sa min mooglik "magnetronmaaltijden" op tafel. Ik kôkje meastal "gewoane kost" mei jirpels en griente en fleis.

## **Hoe fynst it hjir yn Nijemardum?**

Ik wenne graach yn Aldemardum. Dat is in gesellich doarp. Doe't ik hjir no 5 jier lyn hinne ferhuze, wie dat earst wol dreech. De Corona sloech doe ta en mei dêrom fûn ik it net maklik om kontakten te lizzen. Gelokkich ha ik hiel goede buorlju, dy't my iepen benaderje en helpe as dat nedich is. Fansels moat men sels ek iepen stean foar in oar.

## **Wat fynst fan it Doarpsnijs?**

Wol leuk en sa wit men ek wat hjir allegear te dwaan is. Mar it sjocht der net sa oantreklik út. It bûtenblêd is altyd itselde. Der binne fêst in soad minsken dy't it dêrom sa oan 'e kant lizze. In útdaagjende tekst of foto noeget minsken út om it iepen te slaan. Jens wit hiel goed dat alle nijs yn no-time fia tal fan oare kanalen

de wrâld oer giet. Ek it doarpsnijs. It is de fraach hoelang der noch ferlet is fan ús papieren krante.

### **Dochst ek mei oan it doarpsfeest?**

Ik sit yn de feestkommisje en bin, no't Douwe opholden is, ta foarsitter bombardeare. Oan ús de taak om dit jier wer in moai feest op poaten te setten.

### **Wêr soest net sûnder kinne?**

Hjir moat Jens wol efkes oer neitinke.... Myn frijheid. Ik fyn it tige wichtich om sels oer tal fan saken dy't ik yn it libben tsjinkom, in beslissing te nimmen. Ik lit my leaver net beynfloedzje troch wat oaren dêrfan fine.

### **Hasto wol tiid foar de leafde?**

Sûnt in heal jier ha ik in relaasje mei in freondinne. Sy hat ek har eigen libben en is hjir wol gauris.

### **Giest ek mei fakânsje?**

Jawis. It leafst nei de Skandinavyske lannen.

### **Hoe sjochst nei de takomst?**

Lekker aktyf wêze hjir yn Nijemardum. Ik bin noch wol dwaande om de wenkwaliteit yn dit hûs te ferbetterjen.

### **Hasto winsken ?**

Ik soe wol in skoftke nei Amearika ta wolle om dêr te sjen wat de mooglikheden binne foar wurk.

Wol ja, de ûndernimmer sprekt!

### **Woesto fierder noch wat oan ús doarpsgenoaten kwyt?**

Ik noegje elkenien dy't dêr ferlet fan hat fan herte út om hjir ris oan te kommen. (wol graach fan tefoaren kontakt opnimme want it is nochal drok)

No Jens, it kin noch drokker by dy wurde want ús kompjûter wurket fierstente stadich sizze myn bepesizzers. Soks sil gauris barre by âlde lju dy't allinnich mar foar de aardichheid achter it skerm sitte? Gelokkich kin ik noch wol stikjes foar it Doarpsnijs skriuwe... Soe it trouwens mear lêzen wurde mei in oare omslach? Is it yn 'e rin fan de (myn) tiid in deade boel wurden?

Miskien moat Sjoukje op de omslach fan dit febrewarisnûmer mar in tekst opnimme mei

### **“DOARPSGENOAT OP DRIFT!”**

Ik bedank Jens foar syn tiid en hoopje fan herte dat hy hjir yn Nijemardum florearje sil mei syn bedriuw en mei syn leafde dêr't hy wol in partsje fan syn “hillige frijheid” mei diele moat tink? De tiid sil it leare.

*Annie*

# OALJEKOEKEFEEST

Hjirby wolle wy jimme fan herte útnoegje foar in gesellige middei.

It wurdt in middei mei in soad wille, ûntspanning en mienskip.

Wer efkes byprate mei buert- of (âld)doarpsgenoaten.

**Wannear:** freed 11 april 2025.

**Tiid:** fan 14.00-17.00 oere [kin fansels altyd útrinne]

**Wêr:** yn doarpsûs “de Bining” yn Sondel.

Binne jo 65 jier of âlder? Meld jo dan gau oan by ien fan de Pietersma's.

Dat kin oant 28 maart ta. Doch it gau , want fol =fol.

Wy hoopje der in ûnferjitlike middei fan te meitsjen.

Sjogge jo it net sitten om op eigen gelegenheid te kommen, jou dat dan oan:  
wy helje jo graach op.

Groetnis fan

Freak 0651928277


Boâke 0610649194

Wieger 0630431946

Coby 0641696781

Wiepkje 0610547123





Wol elkenien dy't de fleur yn  
'e hûs bringt, efkes nei bûten  
rinne om de maitiid oan te  
moedigjen?

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Tanja Adriani	What's the Metta mindfulness en coaching
Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke en Hedwig Beukens	Garant Zaden
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Kim van den Brom	Total Support For Marine
Jan Buma	Buma Handel
Ortwin Dellevoet	Lopifit Gaasterland
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Runia Fourage BV	Veevoerders
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Mieke Koot	Generatiethuis
Koen Maronier	Yacht Power BV
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Gebroeders Postma	BHP Funderingstechniek
Hendrik Postma	Motorenrevisie/repairatie
Marijke Postma	Kniphúske kapsalon en nagelstudio
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
Runia Transport Nijemirdum	Transportbedrijf
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Ilse Wezepoel	Snuffelplezier
Rianne Witteveen	Dsign & printmkr

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

## **DUOFYTS RESERVEARJE:**

Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123



## **INZAMELINGSPUNTEN:**

Wat:

Plastic doppen van flessen,  
tubes, potten en bussen

Waar:

Fam. Strampel,  
Heaburgen 1

t.b.v.:

KNGF  
blindegeleide-honden.

Inkt-cartridges, toners en  
oude mobieltjes

Fam. Hoekstra,  
Hoitebuorren 18a

Stichting  
Kinderhulp Oeganda

Metalen/blikjes/doppen/  
deksels/spuitbussen

Fam. Rienstra,  
Omrin 14

STOPhersentumoren.nl



## AGINDA

28 febrewaris	snackjûn doarpshûs, fan ôf 17.00 oere
14 maart	stampotbuffet, fan ôf 17.00 oere
26 maart	jierfergadering Lokaalferieniging
28 maart	snackjûn doarpshûs, fan ôf 17.00 oere
29 maart	útfiering 2 ienakters fan 'e toanielklub (40 jier bestien)
11 april	oaljekoekemiddei
27 september	playbackshow

**IT FOLGJENDE KRANTSJE** ferskynt op tongersdei 27 maart

**KOPIJ YNLEVERJE foar moandei 17 maart**

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: [redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)